

NIJ:

It bestjoer hat op 8 maaie l.l. by inoar west by Bauke Lageveen oan hûs om de wurklist gear te stallen. Doe hat ek Sybren Postma oanjûn it foarsitterskip fan de Stifting, nei in tiidrek fan likernoch 25 jier, oerdrage te wollen. Dêrmei hat it bestjoer in oare gearstalling krigen nei it ferstjerren fan Teake Hoekema en it al earder werom lûken fan Gerke Hylkema.

It bestjoer bestiet no út Gé vd.Goot-Bangma (skriuwer), Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen, Frâns Bakker (ponghâlder) en Yede vd.Veen. Lêstneamde sil de foarsittershammer oernimme fan Sybren Postma. Wy wolle fanôf dit plak Gerke en Sybren tige tank sizze foar harren krewearjen foar de Stifting yn de ôfrûne jierren.

NIJ:

Nei safolle jierren yn “De Boei” sille wy mei yngong fan dit winterskoft ferhúzje nei in ‘nij’ plak en wol nei de boppeseal fan ‘De Raetsman’ (yngong oan de Boogstrjitte). Foar dyjinge dy’t minder goed treprinne kin is der in treplift.

Wêrom ?

Ferskate minsken hiene alris oanjûn dat sy it spitich fûnen dat nei ôfrin fan in jûn der eins gjin gelegenheid wie om nochris efkes nei te praten of om saken en/of foto’s, dy’t guon by harren hiene, goed te besjen. Ek de beide froulju fan it bestjoer misse altyd it tiidrek foar it begjin fan de jûn en it skoft om’t sy soargje moatte foar de kofje en de tee.

Wy binne fan doel dit earst twa jier fol te hâlden en om dêrnei ris te sjen en te hearren hoe’t wy dan fierder sille.

NIJ:

Sa’t Jo grif al sjoen hawwe is ek it uterlik oars fan it rûnskriuwen dat Jo alle jierren krije mei û.o. de wurklist foar it kommende winterskoft. Jierrenlang hat Teake Hoekema de opmaak hjirfoar fersoarge, mar dat is no fansels yn oare hannen oergien. Werkenber sil it byldmerk boppe oan de bledside wêze.

Dêrneist wolle wy alle jierren in ekstra bylage oan dit rûnskriuwen taheakje mei eat dat yn it ôfrûne jier besprutsen is of te sjen wie. Ek in nijsgjirrich stik út ús eigen argyf of fan ien fan de stipers kin hjirfoar gading meitsje.

Dizze earste kear fine Jo hjirby in stik fan Lieuwe Schuurmans. Dit stik wie te sjen op 23 jannewaris l.l. , mar neffens ús hawwe ferskate minsken it net sjoen. Ek foar dyjinge dy’t der net wie is it in moai stikje âld-Grou. It is in plattegrûn fan de buorren dêr’t de huzen by nûmere binne en fan alle huzen binne de bewenners opskreaun. It is de sitewaasje om 1940 hinne.

Lieuwe Schuurmans wurdt betanke foar it beskikber stellen fan de beide stikken.

Jo wiene op it momint fan rûnstjoeren fan de wurklist noch net lyk mei de ponghâlder oer it jier 2003. Dêrom graach Jo ynlagje (€ 6,00 foar pearren , € 3,50 foar ienbere persoanen) foar 1 oktober oerskriuwe op giro 1252971 fan de Skathâlder Stifting Grou, Hoxma 50 te Grou.

TEAKE BINNERT HOEKEMA TA OANTINKEN

Op snein 16 febrewaris kaam nei in slimme sykte in ein oan it warbere libben fan Teake Binnert Hoekema yn âldens fan 79 jier. Hy waard berne op It Hearrenfean mar doe't er twa jier wie ferfear de húshâlding werom nei Grou dêr't de Hoekema's ek weikamen.

Nei de ULO gong er nei it gymnasium yn Ljouwert. Yn 1947 sette hy útein oan de Ryksuniversiteit fan Grins mei de talestúdzjes Nederlânsk en Frysk. Hy wie de earste dy't in doktoraal diploma Frysk helle en krige yn 1954 in baan as dialektolooch oan it Nedersaksysk Ynstitút.

Yn 1958 troude er mei de Deenske Else Baarup. Yn 1960 kamen hja oan de Julianaleane yn Súdhorn te wenjen en dat hat altyd harren wenstee west. Sy krigen 2 soannen en in dochter.

Yn 1968 stapte er oer nei it Frysk Ynstitút. Njonken syn wurk as dialektolooch hat er û.o. taalbehearsking dosearre. Ek makke er stúdzje fan it Mid-Frysk en it wurk fan de Bruorren Halbertsma.

Yn 1964 wie Teake ien fan de inisjatyfnimmers om te kommen ta de oprjochting fan de Stifting Grou. Eins begûn as samlersklub fan aansichtkaarten fan Grou, mar groeide al gau út ta in groep minsken dy't harren dwaande holden mei de skiednis fan it doarp.

Ek op oar Frysk mêd hat er him tige fertsjinstlik makke. As bestjoerslid, mar ek as einredakteur fan bygelyks "Lyts Frisia".

Ek hat Teake in soad publisearre. Fan syn hân binne sûnt de ein fan de fyftiger jierren hûnderten koarte en langere artikels ferskynd yn it niisneamde "Lyts Frisia", mar ek yn Dútske wittenskiplike tydskriften ferskynden artikels fan syn hân.

Ek boeken hat er skreaun. Om wat neier by hûs te bliuwen, foar de Stifting Grou hat er de "Grouster Almanak" it ljocht sjen litten en hat er der (mei) foar soarge dat "Bûntsje" fan Sikke Bangma yn boekfoarm ferskynde. Ferline jier kaam syn lêste boekwurk út: "De toponimesamling fan Grou en omkriten", earder samle troch dokter S.A.Schoustra.

Op 22 febrewaris waard er begroeven yn 'syn' Grou. Syn omkesizzer Gabe hie de lieding fan de gearkomste yn de Mennistetsjerke foarôfgeande oan de begraffenis. Hy stelde ek Teake syn krewearjen foar syn memmetaal oan de oarder.

Oer Else sei er: "Sy troude mei in ûnrêstich man, mar wist altyd wer de boel glêd te striken. Sy wie de konstante yn syn libben".

De beide soannen kamen ek oan it wurd. De jongste stie û.o. stil by syn heit syn argivearingsdrift en de sport: tafeltennis en volleybal. De lêste sport beoefene er oant syn 79^{ste} jier.

Oer syn eigen begraffenis hie Teake sein, dat dy feestlik wêze moast. Der soe in draaioargel wêze en it soe eins Grouster Merke wêze moatte. Grouster Merke wie it lykwols net en ek it oargel miste.

Muzyk klonk der lykwols in soad yn de ôfskiedsgearkomste, want Teake wie in leafhawwer fan muzyk. En doe't de kiste troch de famylje útdroegen waard, spile syn âld-oargellearaar Jehannes van Stralen "Grouster Weagen", dat grutte yndruk makke.

Teake krige op it hôf in plakje yn it grêf fan syn pake en beppe. Syn freon Cees Hemminga deklamearre it gedicht 'Fryslân'. In fers dat Teake altyd tige oanspruts.

Teake Hoekema is net mear. Wy sille him misse, want hy hat foar de Stifting Grou in protte wurk dien. Ek wy tinke yn tankberens werom oan de man dy't foar de measten fan ús in freon wurden is. Mar it meast sil er dochs altyd mist wurde troch Else en de bern en de bernsbern.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2003 – 2004

It plak: De boppeseal fan De Raetsman (foarhinne Van Stralen), it begjin is om healwei achten.
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou , tillefoan 0566-621992

Tongersdei 30 oktober 2003 sil op 'e nij efter it buordsje plaknimme Otto Schuurmans fan Snits en hy sil de ferhalen út syn deiboeken, dêr't er yn jannewaris 2003 mei útein setten is, foar ús ferfolgje.

Tongersdei 4 desimber 2003 sil Anne Heidsma ús fertelle oer wat er efterhelje kinnen hat út de kas- en notuleboeken fan F.F.F. en fansels ek út syn eigen ûnderfining as bestjoerslid fan dizze ferneamde Grouster feriening.

Tongersdei 22 jannewaris 2004 sil Jan de Wal wer mei ús in kuier meitsje troch it doarp út syn jongestiid. Wêr't hy it dizze kear oer hawwe sil ? Krekt as Jo binne ek wy tige nijsgjirrich.

Tongersdei 4 maart 2003 wolle wy foto's en aansichten oan jimme fertoane dy't út ús eigen argyf komme. Faak giet it om minsken der't (noch) gjin namme fan bekend is. Wy freegje dan ek jimme help dêrby. Sybren van der Vlugt sil de lieding fan de jûn hawwe.

TE KEAP

By de ponghâlder binne noch in tal boeken te keap:

De Krite yn 'e kranse	S.A.Schoustra	ien euro
Trije Grouster Stúdzjes	S.A.Schoustra	ien euro
Bûntsje de ein	S.Bangma	trije euro
Grouster Almenak	T.B.Hoekema	trije euro
Grouster Toponymen	S.A.Schoustra/T.B.Hoekema	fiif euro
It Gild to Grou	S.A.Schoustra	fiif euro
Grou 2000	S.Douma e.o.	fiif euro

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2002 – 2003

2002

07-11 Sybren van der Vlugt naam ús mei op in kuier fanôf de Deelsbrêge troch it gebiet fan It Deel oant de Trijehustersleat , dus besuden en be-easten it doarp, om de kuier ek wer te einigen by deselde brêge.

19-11 ûntfoel ús **Antje de Jong-Stellingwerff** (*Grou 19 juny 1913), widdow fan Homme de Jong. Beide kamen yndertiid altyd trou op ús jûnen .

24-11 komt te ferstjerren **Tieke Koopstra-Blaauw** (87 jier), widdo fan Geart Koopstra (yndertiid sliper fan berop by BEKO).

11-12 ferstjert te Reduzum **Douwe Jans van der Meer** (85 jier), skoalmaster te Surhústerfean, Ternaard en it lêst yn Reduzum. Wie in tige betûft sneuper yn de Fryske skiednis en hie dêryn in grutte namme. Kaam inkeld noch ris op ús jûnen.

12-12 Sybren Postma krige as jonge in protte niget oan skaken en hy koe ús sadwaande in protte meijaan oer de begjintiid fan de (doe noch) skaak- en damklub "De Toer" en oer syn lettere skaaklibben bûten de provinsje en letter te Ljouwert.

2003

23-01 Otto Schuurmans ferteld ús út syn deiboeken dy't hy sa'n 60 jier lang skreaun hat. Wy hearre in soad oer it libben yn de oarlochsjierrren sa't him dat ôfspile op it 'houtsjefabryk' en yn de buorren.

16-02 Nei in dreech skoft (foar him, mar ek foar syn frou Else) komt dizze dei te ferstjerren ús grutte freon en foaroanman **Teake Binnert Hoekema** (*It Hearrenfean 28 novimber 1923).

06-03 Op de lêste jûn fan dit winterskoft stiet foarsitter Sybren Postma stil by it ferstjerren fan Teake Hoekema en wurdt hy yn stilte betocht. Dernei is de jûn foar **Jan J.de Wal** en hy naam ús dizze jûn mei op in kuier lâns alle winkels en neringdwaanden yn it doarp út de syn jongfeintetiid. It wie in bûnte rigele fan minsken, dêr't fan in protte wat te fertellen wie en dêr't wy mei niget nei harke hawwe.

24-06 Dizze dei komt te Grins nei in slimme sykte te ferstjerren **Harmen Gerrit Veenstra**. Soan fan it eardere Bierhalle-kasteleinspear Veenstra-Boerke. Hy hat meast administratyf wurk dien, û.o. by de Lijempf yn Ljouwert en letter oan de Analistenskoalle yn Grins.

07-08 Komt in ein oan it libben fan Piet Ybes van den Bosch (*Grou 2 juli 1906). Stamde fan memmeskant út de bekende famylje Musch ("de Musken"). Hat syn hiele libben wurke by Halbertsma, it langst as baas op it fabryk te Lemmer.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's , aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of oars yn brûklien te jaan : serieuze brûkers sille jimme tankber wêze.

Sa njonkenlytsen wreidet it argyf fan de Stifting him hieltyd fierder út.

Sawol de foto- en aansichtensamling (dêrfoar kinne Jo terjochte by Bauke Lageveen) as de 'oare' samling. Foar dizze lêste samling kinne Jo ynearsten terjochte by de bibleteek yn Grou, dêr't in opjêfte fan de oanwêzige stikken yn te sjen is. Dêrnei kinne Jo terjochte by Frâns Bakker.